

- Snein 25 septimber 2022

- Akkrum, Lantearne Tún

- Simmerske ferhalemiddei elke lêste snein fan 'e moanne

- Ferhaal fan Hennie Sixma oer de earste tsien jier fan it libben fan har beppe. Tegearre mei beppesizzer Hanna Sixma, dy't har ferhaal oer har eigen tsjien earstejierren fertelde.

Telefoan utsette

Hjirren lyn farden hjir hiel wat skûtsjes troch Akkrum. Se brochten harren frachten mei turf, pulp, terpierde, sûkerbyten en noch meer, troch hiel Fryslân. Akkrum wie in sintrael lissend plak tusken de grutte marren. Myn beppe sei faek as sy hjir troch foeren: "letter as wy âlder binne en net meer farre, wol ik graeg yn Coopersburg wenje". Hjoed wol ik jim meinimme nei it libben op sa'n skûtsje. Troch de sosjale media wurde wy konfronteart mei it libben fan groepen minsken oeral op de wrâld. Fannemidje wol wy jim kennismeitsje litte mei de earste 10 hjirren fan twa famkes, opwaakse yn ferskate tiden, op'e selde groun.

Tiiden hawwe tiden

Janke waerd berne yn it roefke fan de Ora et Labora

Dochter fan Ruerd en Hindrikje en suske fan Jan, Wouter en Hindrik. Se wie it earste famke yn it gesin mei treie jongens. De roef is mar behindig en meastentiids bin de bern boppe op it skip, of op 'e wal mar sa min mooglik yn de lytse roef.

Wylst mem har 6 wieken âlde famke in skjinn ruft ompeldet, ropt sy har 6 jierige âldste soan om in turf út it rom te heljen, want de kachel moat wol brânnen bliuwe ek al is hjealweis juni. It is mei 18 graden net meer kâld bûten mar de kachel moat ek branne om it iten klear te krijen. Efkes letter komt Jan de roef yn mei in dikke turf yn syn handsjes, hy docht it lid fan de kachel en troppet de turf derin. "It slagget net mem, ik krij him er net yn", seit er. Mem prottelt tsjin him en seit: "kry dan ek in lytsere turf, kinst dochs sa wol sjen dat disse te grut is." Protteljend set Jan wer âf nei it rom foar in lytsere turf.

Nei iten gean de bern al gau te koai. Jan en Wouter yn it lûk foar de mêst en Hindrik en Janke foarin yn it kajût. Janke hat har plakje yn de widze oan it fuottenein fan de bedstee fan heit en mem. En Hindrik yn syn bedsje ûnder yn de kast.

Wylst heit en mem noch efkes yn it waer sjugge, en stean te jounpraten mei de buorlju op 'e wâl, sjugge se opiens ta harren besauwing, reakt ut harren skip kommen. Kjell wurdend drave sy er hinne, mar sjugge al gau de flammen út it foarunder kommen. Op bleate fuotten fleane se oer it hjitte dek fan it skip, om harren bern te rêden. Mar... it is te let foar de twa âldste jongens. Hindrik en Janke wurde lokkerchernôch wol op tiid fan it skip helle. De te grutte turf dy werom lein is yn de bulte turf, hie dochs in fonkje mei naam út de kachel. De start fan Janke har libben hat opiens in hiele grutte draai kriegen. Yn har jonge jirren waer der net meer in protte lake.

Dochs groeide sy fleurig op tegearre mei har no, âldste broer en letter har jongere sus en broerkes. As it skip stil lei; kinne sy skommelje op 'e giek. Of oan in touw troch it wetter sliere. En as sy yn de Lemmer kaamen dan koe sy faeks mei har kameraadskes boatsje. Al gau moast Janke meiwurkje. As lyts famke koe se mem al oh sa helpe, dat moast ek wol, want bei heit en mem wie de fleur derút en er wie altyd wol wurk. Mem kriege elk jier in lytse poppe en Janke koe al gau ruften ferskjinje en har rêde mei de itensboel. Nei skoalle

1300 woorden is 10 min spreektyd

gean om te leren, wie net foar har weilein, heit foun dat mem it al swier genôg hie en wat moast in famke no leare. Mem koe har ommers alles wol leare wat sy nedich wie as famke. In frou troude letter ommers dochts. At sy letter in goeie man kriege dan koe dy wol foar de kost soargje en fierder seag dy dan wol op har ta. En op it skip koe er de extra pear hânnen fan Janke ek skoan brûke.

De inkele kear dat it skip foar de wâl lei om te laden en te lossen, mocht sy in pear dagen nei skoalle. No ja, de master en de juffen sieten net te wachtsjen op de skippersbern dy foar in pear dagen op skoalle kamen. Mei ien of twa dagen farden dy skippersbern dochts wer fuort, wat soene jo je derom bekroadsje. Nee, sy kriegen in plakje efter yn de klasse, er waar in lei en in griffel in har hantsjes drukt, mei de opdracht: Moai stil wêze, de oare bern net stoare, want dy bin oan it leren, meitsje do mar in tekening.

Jaloersk seach Janke dan nei de skriuwende en rekkenjende bern. En yn de pauze waer er foar harren songen: "Alles in de wind

Alles in de wind

It is maar een schipperskind

Kom hier Rosa, je bent mijn zusje

Jij bent een ander jaja"

Sy hie hjir sa'n lèst fan, hjirren letter ferbean sy har dochter om dit te sjongen, mei de ûtliz dat in skippersdochter echt net samar wat is... niks net 'mar in skipperskind'

Yn de winter fan 1926 kaam er in lange froast perioade, it skip lei yn de Lemmer en Janke koe dus tegearre mei de âldste broer nei skoalle en sy trof der in geweldige master. It begrutte disse master dat dit famke, wylst sy al 9 jier âld wie noch gjin letter lèse koe. Hy lei him erop ta hjir wat oan te dwaen. Doe Janke in wieke of 6 letter wer fuort moast sei de master tjin har wylst er har wat briefkaarten ta stoppe: "Hjir, moast my út eltse hafen in kaertsje stjoere, dan wit ik dast nog oefenst. Er sit al in segel op dus it kostet jim heitendy neat. Silst my skrieuwe? Do moast it my tasisse." En dat is sa ek beart. Janke har ûnderwyskarriêre war ôfslûten mei it skrieuwen fan briefkaarten oan in master mei it ûnderwieshert op it goeie plak!

Mem wie faek mankelyk en hie net folle romte om tiid en oandacht te jaen oan har bern. In njoggen jier tiid, wie sy swier west fan 7 bern en moast sy twa te hôf bringe. Earmoede troef, skreppe om de bern iten te jaen, de boel skjin en himmel hâlde en foar alles wie sy skippersknecht. Nei' t de terpierde lost wie moast it rom skjin foar de sûkerbieten en as er pulp laden wie dan waarden de leppels en foarken swart, fertelde Janke letter wol faek. Neist de turf waerden er ek pannen ferfiert fan de pottebakker Dykstra út Snits. En eltse lading frege in oare behanneling en de lading oplûke, stekte nauw. Al gau moast Janke nei it deistige sokkenbreidsje, mem helpe yn it foarunder en efkes letter freege heit har help ek boppe op it skip, bei heit. No en dan waer sy oan it roer set.. er waard sein hoe as se it roer hâlde moast, wylst heit it seil erbei sette. . Janke foun it niks, want dat ferrekte roer bleaun echt net rjocht, yn elts gefal net sa as heit it betocht. As famke fan 8, 9 jier roun sy mei har broerke in de beage, it graue skip efter har oan. Somtiden gau wer op it farende skip springe om't er in dwersfeart wie en dan er wer ôf. As it net goed gong wie heit pûr. Sy hat har libben lang bang west foar hurde wyn. Wit hoe faek ha wy har ferhael heart dat sy as 10 jierig famke tegearre mei mem en de lytse bern waer opsletten yn de kajut en dy gie op slot. Heit en Hindrik wiene oan it farren. Ferskate skippers bleauwen oan de wal en roppen: Skipper jo kin sa net de mar op, jo strûpe der ûnder...

Mar heit wie kening op syn eigen skip en net ien hie him wat te sissen, hy wie fry man. Janke hie heit smeekt om ek lissen te bliuwen, de wyn bulderde troch it want..

Mem sei: wy moatte bidde en fertrouwe op God

Janke sei: mem kin bidde wat sy wol, mar heit lit us fersûppe mei syn dverse kop.

Yn Terherne, kaam it skip foar de wal, de roef gyng iepen en Janke stekte âf. Heit rop har werom, mar sy wie troch alles hinne. Dat in heit sa dwaen koe, dat sy sa hielen dal neat te sissen hie oer har eigen libben. Dat er net lûstere waerd en dat sy as bern neat yn te bringen hie, dat wie sa ferskrilyk! En ek har mem hie neat yn te bringen. Om't heit de skipper wie oan board en dermei yn alles it lêste wurd hie... Janke wie dûm!

Werom oan board makke sy it wer goed mei heit. Net om't sy dat miende, mar it begrutte har om mem, dy wie altyd al sa fertrietig. .. dat woe Janke net slimmer meitsje. Mar letter... as ik grut bin, dan bin ik sels de baes.

De oare deis gong de wyn lissen, en koe de fracht nei de boer ûnder de Jouwer brocht wurde. Janke sit foarop it skip te genietsjen fan it moaie waer en de fûgels en de lekkere rook fan it hea yn de greiden. Sa kin ik wol âld wurde, tinkt sy. Mar der ropt mem al wer of sy helpe kin mei de lytse bern iten jaen...it knyntsjemomint is wer foarby...

Oare tiden, oare wizânsje. Mar as wy letter in peteroaljelampe kochten om't wy dat romantysk founen, sei sy: jim bin gek, jim hawwe it no sa lûks, jim witte fan gekkichhyd net meer wat jim dwaen kinne. Wat ha ik dy dingen froeger wol ferwinske, wat in wurk om de boel skjin te hâlden, altyd mar skrobbe en bealychje. Moast no ris sjen hoe goed we it ha... Ik hoech mar oan in knopke te kommen en we ha ljocht, skjin ljocht. Niks gjin feger en blik, mar in stofsûger efkes oer it kleed helje. En dan de mannen mei harren skeppen en kroaden, no hingje sy efkes in griper boppe in rom fan in skip. Goeje âlde tiid, praet my der net fan, it wie hurd wurkjen.

Dochs ha ik in hiele frije jeugd hân, ik woe noch wolris werom nei it rûfke...

mar wy ha der alles oandien om jim in better libben te jaen. Der is yn de lytse 100 jier gâns wat feroare...

En der mei jou ik no it wurdt oan Janke har oer beppesizzer.

HAS aug 2022